Nij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXVIII, nûmer 1 maitiid 2019 ISSN 2352-8958

Sis Tsiis-manifestaasje 9 maart 2019

Byskriften:

1: Skilderij fan de Slach by Damiate (1628, Cornelis Claesz fan Wieringen 1575/77 - 1633).

2: Klaaiïng fan de riddermuontsen.

3: Byld fan Hermann fan Salza.

4: *Sis Tsizers* by de Afûk.

5: Ridders fan trije oarders.

Ús eigen Taal (30)

Sytze T. Hiemstra

Skiednis fan Fryslân of Fryske skiednis? (II)

De Dútske Oarder, de Fryslannen en de Friezen*

Yn it lêste nûmer fan Nij Frisia *yn 2018*[1] *haw ik omtinken jûn oan it heislik tekoart oan skiednisûnderwiis oer de Friezen en de Fryslannen. En konstatearre dat soks ek grutte gefolgen hat foar de kennisse fan de kleasters yn Fryslân en harren oarsprong. Wat wit men dan bygelyks fan de Dútske Oarder, dy't ûntstien is as in gefolch fan de krústochten? Dêr dienen likegoed gâns Friezen oan mei en soks hat wer laat ta fêstigings fan trije ridderoarders yn ús kontreien. Mar earst wat oer de oarsprong.*

Stifting en earste begeunstiging fan de Dútske Oarder

De Dútske Oarder is yn 1190 yn it Hillige Lân ûntstien. Yn 1187 tsjogge ridders te pearde yn it sok fan Freark (Friedrich) I Barbarossa, de grutte keizer fan it Hillige Roomske Ryk[2], oer lân rjochting Palestina. It wie al wer de *tredde* krústocht (1189-1192).[3] De tocht oer see stie ûnder lieding fan Richard Liuwehert fan Ingelân, de ridderheld by útstek, en fan Filips Augustus fan Frankryk. Douwe Kalma skriuwt dêroer[4]: '[...] yn har leger, dat Ptolemais (ek Akko neamd) ynsleat, wie in grutte smite Friezen, dy't mei Denen kommen wiene. Yn de slach tsjin Saladin, de 4de oktober 1189, strieden de Friezen, mei Dútskers en Pisanen, yn de tredde slachoarder. Ûnder befel fan Loadewyk de Mylde fan Thuringen. Jit lang duorre it ear't de stêd wûn waard: earst yn 'e simmer fan 1191 joegen de mohammedanen belies. [...] De bilegering fan Akko hie neffens sizzen 200.000 libbens koste; fan de 12.000 Friezen en Denen dy't mei-inoar úttein wêze soene, kamen 100 werom.'[5]

Sytze T. Hiemstra

Dy *tredde* krústocht, dy't organisearre waard nei't Saladin Jeruzalim ynommen hie, wie dus stûke by Acco

[1] *Nij Frisia*, jrg. LXVII, nû. 4, des. 2018, s. 3, 5-8.

[2] It Hillige Roomske Ryk (Dútsk: *Heiliges Römisches Reich*; Latyn: *Sacrum Romanum Imperium*) wie in ryk yn Sintraal-Europa en omlizzende gebieten. It wie gjín steat yn de moderne betsjutting fan it wurd, mar in polityk ferbân fan wrâldske en tsjerklike gebieten dy't direkt of yndirekt ûnderwurpen wienen oan de soevereiniteit fan de Roomsk-Dútske keizer of kening.

[3] Der hawwe njoggen krústochten west: de earste (1096-1099), twadde (1147-1149), tredde (1189-1192), fjirde (1202-1204), fiifde (1213-1221), sechsde (1228-1229), sânde (1248-1254), achtste (1270), njoggende (1271-1272). Al yn 638 n.Kr. nimme de Arabieren Jeruzalim yn. Yn 1095 ropt paus Urbanus II op ta in hillige oarloch om Jeruzalim te befrijen. Ype Poortinga beskriuwt yn syn 'De palmridder fan Lissabon' (Ljouwert: N. Miedema & Co, 1965) oer de Friezen en de krústocht fan 1147, mei omtinken foar de ferovering fan Lissabon en mei nijsgjirrige ynformaasje oer de histoaryske Poptetus fan Wurdum. Jaap van Moolenbroek hat yn syn '*Nederlandse kruisvaarders naar Damiate aan de Nijl. Acht eeuwen geschiedenis en fantasie in woord en beeld*' (Uitg. Verloren B.V, 1ste dr. des. 2016) mei sitaten út primêre boarnen rekonstruearre wat him fóár en by de fiifde krústocht ôfspile hat.

[4] D. Kalma, *Skiednis fan Fryslân*, in gearfetting fan Dr. D. Kalma, Ljouwert/Grou: Douwe Kalma Stifting/Utjowerij "Fryslân", Grou (3de printinge, 1965) [1ste pr. 1935, 2de pr. 1944]. Ik haw de stavering fan Kalma safolle mooglik oanpast oan de offisjele fan hjoed-de-dei.

[5] Kalma, 1965, s. 119.

[it ferfolch begjint op s. 5]

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 juny 2019. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en dr. Bertus Jans Postma. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

Pier Boorsma, Goaitzen Bosma, drs. Piter Dykstra, Jan Hiemstra, drs. Sytze T. Hiemstra, drs. Kerst Huisman, dr. Bertus J. Postma, Jaap Slager.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35
op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Sjoerd Groenhof, Chris van Hes (foarsitter), Sander Hoekstra, Wolter Jetten (skriuwer/skathâlder), Frâns Koning en Jos de Boer.

Fan de redaksje

Yn it foarste plak wolle wy efkes stilstean by Bertus Postma, dy't it langste skoft as samler fan *Nij Frisia* aktyf is. Hy hat op 19 jannewaris 2019 it ferlies fan syn grutste leafde te ferwurkjen krigen en wy winskje him allegearre dêr treast en sterkte by ta. De waarme skets fan syn libben mei Ymkje Meesters, útsprutsen op har begraffenis, is hjir opnommen. Der binne ek in stikmannich stikjes fan syn hân oer it brûken fan it Frysk opnommen.

It twadde artikel fan Sytze Hiemstra oer de Dútske Oarder wurdt beselskippe troch in artikel fan Goaitzen Bosma, dat der benammen oer giet wat der no noch werom te finen is fan dy Oardertiid, foaral yn de súdeasthoeke fan ús provinsje.

Jan Hiemstra ferhellet oer it buorkjen en de ûngetiid. Yn de drokke haaitiid wie it by ús wenst om jûns nei iten noch in pear weiden hea fan it haailân te heljen. Ik kin my noch foar de geast helje, hoe't ik as jonge boppe op de twadde weide fan in oanspanning de reis fan it lân nei de skuorre makke. Ik wie weidloeger en ús heit siet op de foarste wein en hold de leie fan it twaspan Fryske hynders. It is in heale iuw lyn en it wie my klear dat ik ien fan de lêsten wie dy't sa heech op dy hinne-en-wer skommeljende weide it opkommen fan de jûnsdampen sjen soe.

Kerst Huisman hat de ûntdekking fan in famyljegeheim ferarbeide ta in koart ferhaal mei suver literêre aspiraasje. Sa aardich sit de plot yninoar.

De sechsde kollum fan Jaap Slager sketst no in singeliere moeting yn it Yellowstone Park.

Foar de manifestaasje fan 'Sis Tsiis' op 9 maart 2019 yn Ljouwert wie in soad belangstelling; ek fan de parse, sa't út de foto fan de foarside al bliken docht. Mar skriuw de folgjende demonstraasje ek mar fêst yn it bûsboekje: ***demonstrearje*** *op it Binnenhof yn De Haach, op woansdei 26 juny* nei it bywenjen fan it oerlis fan de Fêste Keamerkommisje foar Ynlânske Saken mei minister Ollongren oer de Keamerfragen fan Harry van der Molen oer de (skaad-)BFTK. Dy gearkomste begjint om 10 oere. De bus is fergees. Gau opjaan by sistsiis@hotmail.com, ek om te fernimmen oft der noch frij plak is.

By de foarside

It docht der ek ta wat de bern derfan fine. Nynke stiet Onno Falkena fan Omrop Fryslân te wurd oer de misstannen yn it primêr ûnderwiis. Mem harket mei.

[ferfolch fan s. 3]

Ridders fan de trije oarders ...

(Akko, Acre). Dêr begjint in belegering dy't sa'n twa jier duorret, en neffens de oerlevering hawwe keaplju út Bremen en Lübeck doe ûnder de seilen fan harren koggeskip in fjildhospitaal ynrjochte. It sil de skiednis yngean as it Hospitaal fan St. Marie fan de Dútsers ('*Hospitalis Sanctae Mariae Theutonicorum Ierosolimitanum*') yn Jeruzalem. Der wurde almeast ferwûne krúsfarders behannele. Mar al ridlik gau komt der in *militêre* taak by: it beskermjen fan pylgers en krúsfarders op wei nei it Hillich Grêf en it op 'en nij feroverjen fan de hillige plakken yn Palestina. De sikesoarch komt dan yn hannen fan *prysterbruorren* en de striid foar it leauwe wurdt de taak fan *ridders*.

Prysters en ridders ferienigje harren yn in geastlike bruorskip om yn dat fermidden de beloften fan *keinens* ('selibatêr' libje), earmoede en hearrigens te ûnderhâlden. It wurdt dan de *tredde* geastlike ridderoarder njonken de *Oarder fan de Johanniters* en dy fan de *Timpeliers*. Sa'n ferpleechplicht ferhâldt him út soarte al wat as in paradoks ta de *militêre* taak (de striid tsjin de net-leauwigen en it beskermjen fan it Hillige Lân). De driuwende krêft efter beide taken wie lykwols altiten de geastlike ynspiraasje fan it midsiuwske kristendom. Om harren te ûnderskieden fan de oare ridders, toaie de Dútske ridders harren mei in swart krús op in wite mantel.

De *Dútske Oarder* wie folle jonger as dy fan de *Timpeliers* en *Johanniters*. Yn de tiid fan it belis fan Akko (1190) waard it as hospitaalbruorskip stifte, mar acht jier letter krige de oarder tastimming om ek ridderbruorren op te nimmen. Benammen it belis fan Damiate (oan de Nyl) yn de jierren 1218-1219 soe foar it oansjen fan de Dútske Oarder krúsjaal blike te wêzen. Ûnder de belegerders wie ek in kontingint eallju dy't troch in dielnimmer, Olivier fan Paderborn, oantsjut waard as 'de Friezen', as sammelnamme foar de adel út de Lege Lannen by de see. Ien fan de belegerders wie de Hollânske greve Willem I, dêr't in kronyk út dy tiid fan seit, dat 'graaf Willem van Hollant veel Hollanders, Zelanders en Vriesen mede hadde'.[6] Sadwaande koe de oarder letter mei jild en goed in foet oan de grûn krije yn Loon, Brabân, Hollân, it Stift, Gelre en Fryslân.[7]

Friezen tsjogge nei de Levant

Yn juny 1217 sammelen har oan de Ingelske súdkust goed twahûndert skippen foar in tocht nei it hillige lân en aardich wat fan dy skippen kamen út de Lege Lannen. It foel op dat der ûnder de tsientûzen lju oan board gâns út it noarden kamen (de stêden Dokkum, Bedum en Wolvegea wurde yn midsiuwske kroniken gauris mei namme neamd). By in gearkomste yn de iepenloft, wêrby't Olivier fan Keulen de pauslike oprop taljochte, krige in famke fan alve jier in fisioen. Hja seach oan de westlike himel dat de krusige Heilân ferskynde, sa skreau Olivier yn in brief oan de biskop fan Münster. Blykber wie dat fisioen besmetlik, want by lettere gearkomsten yn Wolvegea en Dokkum seagen de leauwigen de Krúsling op 'en nij.[8]

[6] Zuidervaart, s. 12-13.

[7] Mol, 2011, s. 11-13.

[8] Yn de EO-dokumintêre *'De Kruisvaarder en de Sultan'*, dy't yn septimber 2018 yn fjouwer ôfleverings troch de telefyzje útstjoerd is mei Kefah Allush as presintator en Josse Pietersma as saakkundige, waard ek rju omtinken jûn oan de rol fan de Friezen by de fiifde krústocht. Sjoch ek: Maria Del Grosso: *'Droom komt uit met docu over "Friese" kruistocht'* (*Leeuwarder Courant*, 30-08-2018, s. 28). Yn it *Friesch Dagblad* (30-08-2018, s. 8) waard de searje (mei de earste ôflevering op 31 aug. om 21.05 oere op NPO 2) troch Jan Auke Brink ûnder de kop 'Paus wilde vooral Friese kruisvaarders' sa oankundige: 'In de nieuwe televisieserie *De Kruisvaarder en de Sultan* speelt de Friese kruisvaarder Hayo een hoofdrol. Volgens EO-presentator Kefah Allush wilde de paus per se Friezen bij de kruistocht hebben: "Ze stonden echt bekend als mannen die konden knokken."' Allush seit der yn datselde krante-ynterview oer: 'Tussen alle ijdeltuiten die meegingen op de kruistochten deden zij niet aan uiterlijk vertoon. Ze waren recht door zee, ze kwamen om te knokken en dat deden ze ook. Die eigenzinnig-

De Dútske Oarder yn de Nederlannen yn de Midsiuwen.

It eastlike part fan de Middellânske See (it *Moarnslân* of de *Levant*) wie net te fier foar Friezen om striid te leverjen. Douwe Kalma skriuwt byldzjend oer de muoisume belegering fan Damiate: 'Nei in besieljende rede fan Olivier fan Keulen, dy't meitein is, beslute de krúslegers om Egypte te oermasterjen. Dêr komt it ta de ferneamde belegering fan Damiate, beskreaun fan Olivier sels. De grutte behindering is in fêstingtoer, midden yn de Nyl boud. De belegering dêrfan duorret fan 29 april oant 25 augustus [1218, sth]. De foarste oanfal mei skippen, dy't in lytse ferskânsing yn de mêsten hawwe, mislearret: dêrnei bouwe Friezen en Dútskers op twa oan inoar ferbûne skippen in toer dy't mei hûden tsjin it Grykske fjoer befeilige wurdt. Nei in ferwoedende striid beklimme in jonge Lúkner en in jonge Fries as earste de fijanlike toer: de Fries wint it findel fan de sultan, en it krúsfindel wurdt op 'e toer plante. Earst dêrnei kin it keatling weinommen wurde dat de Nyl ôfsletten holden hie. In deimennich letter wurdt in nij boude skipbrêge wûn en Damiate sels kin besingele wurde. De 5te novimber falt de stêd; Olivier beklaget him dêroer dat by it ferdielen fan de bút de Friezen min weikomme, dat wol nasjonaal needlot liket te wêzen.'[9] Dat nasjonale needlot sil ús hjoed-de-dei likemin ûnbekend foarkomme ...

Net allinnich by de *fiifde* krústocht (1213-1221) litte Friezen fan har hearre, mar ek letter komme wy harren namme jitte geregeld tsjin. Ik helje Douwe Kalma yn syn treflik Heechfrysk fannijs efkes letterlik oan: 'Ek foar de fyfte [= sechsde, sth] krústocht [begûn yn 1228, sth][10] preket Olivier tige yn Fryslân. Hy stiet by de Friezen heech yn oansjen, sa dat hja him freegje om te bemiddeljen yn har skelen [...]. [...] Paus Honorius III en keizer Freark II, de lieder fan de tocht, stjoere de Friezen brieven ta oantrún. Mei in tal skippen reizgje

heid spreekt me aan.'

Yn de *Leeuwarder Courant* waard fan 5 jan. 2019 ôf yn de bylage *Sneon & Snein* it Hollânsktalige stripferhaal *Kruistocht naar Damiate* fan skriuwer Josse Pietersma (Frjentsjer) en tekener en yllustrator Roelof Wijtsma (Grins) opnommen (fjouwer siden op 5 jan. 2019). Fierdersoan waarden alle wiken twa ferfolchsiden opnommen. As stripboek fan 48 siden sil it ûnder de titel *Jelmer* yn oktober 2019 ferskine (Uitg. Personalia, Leens). In twadde en lêste album dêroer sil yn maart 2020 op 'e merk brocht wurde. De krante skriuwt oer de haadpersoan (*LC*, 12 jan. 2019, s. 34, strip); '*Jelmer* heet het eerste deel van het historische stripverhaal *Kruistocht naar Damiate*, over de religieus-militaire expeditie naar het Beloofde Land van 1214-1218. We beleven het avontuur door de ogen van kruisvaarder Jelmer van Bedum. Jelmer begint zijn reis vol overtuiging, maar op weg naar Jeruzalem krijgt hij steeds meer twijfels over de kruistocht. Op 24 augustus 1218 verovert de Europese krijgsmacht de Kettingtoren van Damiate. Jelmer en zijn mannen spelen hierbij een beslissende rol.'

[9] Kalma, 1965, s. 121.

[10] Kalma (1965, s. 121), hat it oer de *fyfte*, mar dy nûmering wurdt net mear folge.

[11] Ûnregelmjittige foarm fan it tiidwurd *deie* (= deadzje, deameitsje).

[12] De sânde krústocht (1248-1254) waard organisearre troch Loadewyk IX fan Frankryk (1215-1270) en wie benammen bedoeld om de krúsfarderssteatsjes te helpen.

[13] De achtste krústocht wurdt ek wol as de sânde teld.

[14] Kalma, 1965, s. 121-123.

[15] *Likebroer*: lid fan in kleastermienskip dy't wol de kleasterbeloften ôflein hat, mar net ta pryster (preester) wijd is.

[16] Mol, 2011, s. 11-12.

[17] Kalma, 1965, s. 123 (stavering wat oanpast).

[18] Kalma, *Fryslân en de wrâld*, 1916, s. 15-16.

de Friezen yn maaie 1227 by Boarkum ôf; ta in oarloch komt it dêre net, om't it Freark II slagget om by ferdrach Jeruzalim en in brede kuststripe werom te krijen. Syn betûfte steatsmanskeunst hie mear berikt as it swurd fan safolle grutte foargongers fan de krústochten. Mar al yn 1244 namen de mohammedanen de stêd wer yn en ferdreauwen en daten[11] de kristenynwenners, en dizz' kear folge gjin nije krústocht; Jeropa wie wurch fan it hillige aventoer.'[12] Yn 1270 ([achtste krústocht, sth][13] nimme jitris 'gâns Friezen, ryk en earm, it krús oan. Mei fyftich koggen, ryk fersierd fan al it nedige, ferlitte hja Fryslân [...]. Dat wie it 'lêste; yn 1291 foel de lêste kristenboarch, Akko (Ptolemais), en neat waard mear ûndernommen om dy werom te winnen.'[14]

De Dútske Oarder en de Johanniters yn East-Europa en Frisia

It militêr prestiizje fan de ridders fan it *Hospitaal fan St. Marie* krige al gau it omtinken fan guon East-Europeeske foarsten. De hartoch fan Masovië hie lêst fan ûnleauwige Prusen oan de grinzen fan syn lân en docht in fersyk oan de Grutmaster fan de Oarder, Hermann fan Salza (sa. 1170-1239), om militêre help. Fan Salza sjocht wol heil yn East-Europa en yn ruil dêrfoar kriget er in grut gebiet om de stêd Torun yn eigendom. De Oarder besiket net langer om it Hillige Lân te rêden en yn 1309 wurdt de haadsit fan Acco ferpleatst nei *Marienburg* oan de rivier de Nogat.

(1-2) De Timpelridders mei in read krús; (3-4) de ridders fan de Dútske oarder mei in swart krús; (5) de Hospitaal- of Maltezer ridders mei lange, swarte mantels (ek: Oarder fan Sint Johannes of Johanniters)

It midsiuwske *Frisia* bestie yn dy tiid út autonome kontreien (goaën, lannen of terrae) dy't gjin lienstelsel koene en dy't harren net allinnich troch in eigen taal, mar ek troch eigen wetten en gewoanten ûnderskaten fan de omlizzende streken. Dat *Frisia* omfette ek gâns mear as de hjoeddeiske provinsje Fryslân, lykas ek it gewest Grinslân, it Dútske East-Fryslân en Oldenburgs Friesland mei Butjadingen en it Bremer Stadtland. Úteinlik kamen yn dy lannen net minder as 24 ridderoarderfêstigings ta stân, te witten ***trije*** fan de Dútske Oarder en 21 fan de Johanniters.

Dy trije Dútske *Oarderhuzen* fûnen nei ferrin fan tiid oansluting by it Dútske Hûs fan Utert. Fan de Johanniter fêstigings foel dy fan Snits ûnder it ek te Utert fêstige Catharijnekonvint. Fiif oare huzen leine yn it Münsterske part fan de provinsje Grinslân. Mei de oare fyftjin foelen se as in aparte Fryske groep ûnder it Johanniter hûs fan Steinfurt (Westfalen). Karakteristyk foar alle Fryske ridderoarderfêstigings is dat se in kleasterlike opset hiene, mei in befolking fan prysterbruorren, likebruorren[15] en susters.

As men alle binnen de grinzen fan Nederlân lizzende oarderfêstigings byinoar optelt, dan komme wy mei twa delsettings fan de *Timpeliers*, 21 fan de *Johanniters* (ynbegrepen de Nederlânsk-Fryske en Grinslânske) en *santjin* fan de *Dútske Oarder* (ynklusyf de ***trije*** Fryske) út op 40 min ofte mear selsstannige sintra binnen de tsjintwurdige grinzen fan Nederlân. As men dat yn in Grutfrysk ferbân besjocht, dan moatte dêr fyftjin Dútsk-Fryske Johanniter huzen oan tafoege wurde. Alles mei-inoar komt men op 55 fêstigings yn Nederlân en Fryslân yn romme sin!

De ridderoardertichtens yn Nederlân en Fryslân is te ferlykjen mei dy fan Dútske territoaria lykas Rynlân en Saksen. Dêrby falt op dat gâns Nederlânske en Fryske ridderoardermienskippen parochytsjerken ûnder harren hoede hawwe dy't se troch eigen pastoars betsjinje lieten. Dat betsjut grif dat de prysters fan de Johanniters en de Dútske Oarder mei harren bekrúste habyt tige fertroude ferskinings west hawwe foar de grutte kliber yn ús eigen kontreien.[16]

'Fryslân en de wrâld'

De krústochten en it krewearjen fan de kleasteroarders learden de Friezen neffens Douwe Kalma 'dat der yn it alderheechste in Jeropeeske ienheid wie, hja diene de mohammedaanske machtsútwreiding ûnderstek, mar benammen: hja beriken de geast troch de omgong fan de folken mei-inoar, troch it kontakt tusken Jeropa en

Hermann fan Salza, de fjirde grutmaster fan de Dútske Oarder (1209-1239), wie ek in grut diplomaat ...

it Easten.'[17]

Hy ornearre hûndert jier lyn al dat Fryslân 'yn 'e wrâld net in ûnnut wier', en dat it benammen in brêge foarmje moast tusken 'Ingelân en Skandinavië' ...[18]

** It foarste part fan dit artikel hat stien yn* Nij Frisia, *nû. 4, des. 2018, s. 3, 5-8 (Ús eigen Taal [29]).*

Literatuer

- Borchling, C .& R. Muuss, *Die Friesen.* Breslau: Ferdinand Hirt, 1931 [200 siden].
- European Charter for Regional or Minority Languages, *Application of the Charter in the Netherlands, 5th monitoring cycle.* A. Report on the Committee of Experts on the Charter (adopted on 16 June 2016), B. Recommendations of the Committee of Ministers of the Council of Europe on the application of the Charter by the Netherlands (adopted on 14 December 2016) [36 siden].
- Kalma, D., *Fryslân en de wrâld.* Rede, sa likernôch hâlden op 'e Mienskipsgearkomste fen 29 Jan. 1916. Ljouwert: W.A. Eisma Cs., 1916 [19 siden].
- Kalma, D., *Skiednis fan Fryslân, in gearfetting fan Dr. D. Kalma*. Tredde printinge biwurke fan G.N. Visser. Ljouwert (p.a. T. Beintema): Douwe Kalma Stifting/Grou: Utjowerij 'Fryslân', 1965 [de earste printinge wie fan 1935 en de twadde fan 1944] [344 siden].
- Hiemstra, S.T. (einredaksje), *De Fryslannen.* Ljouwert: Afûk, 2008 [128 siden].
- Kommisje Kanon fan Fryslân, *De kanon fan de skiednis fan Fryslân.* Ljouwert: Afûk [2008; 109 siden].
- Stokowski, Marek, *Marienburg. Die Welt des Deutschen Ritterordens.* Hamburg: TopSpot Guide, [s.j.; 64 siden].
- Zuidervaart, Huib J., *Ridders, Priesters en Predikanten in Schelluinen. De geschiedenis van een Commanderij van de Ridderlijke Duitsche Orde, Balije van Utrecht.* Hilversum: Verloren, 2013.
- Poortinga, Y., *De palmridder fan Lissabon*, Ljouwert: N. Miedema & Co, 1965 (diel 13 yn de rige 'bûnte liuwen, lân en folk yn wurd en byld'; 40 siden).

Lofts: Buordsje mei ynformaasje oer 'Het Duitse Huis' ...

Rjochts: Ype Poortinga, De palmridder fan Lissabon *(1965)*

Ymkje Marchje Meester ferstoarn

Op 19 jannewaris 2019 is te Ljouwert nei in lang en duldsum lijen, yn alle frede ûnferwachte ferstoarn Ymkje Marchje Meester. Hja wie de oare helte fan ús tige wurdearre JFM-*lid en o sa warbere* Nij Frisia-*meiwurker Bertus Jans Postma. 'Hja wie myn leafde en libben, hja wie myn alles', sa skreau Bertus yn de rou-advertinsje. Ymkje rekke op harren troudei wei en mocht hast 90 jier wurde.*

It ôfskie hat west op tongersdei, 24 jannewaris 2019 yn de tsjerke fan Ingelum mei in neisit yn it mienskipssintrum de *Molewjuk* te Bitgummole. Ús trijekoppige *Nij Frisia*-redaksje hat derhinne west en it bestjoer fan de JFM waard fertsjintwurdige troch Sjoerd Groenhof.

Wy hawwe Bertus tige sterkte tawinske om dat grutte ferlies drage te kinnen.

De folslein Frysktalige routsjinst yn de Ingelumer tsjerk waard laat troch da. Fokje Haversmidt. Dêrby wie der fansels ek gâns omtinken foar it libben fan Ymkje. Út it hout wei is troch da. Haversmidt ek in bydrage fan Bertus Postma séls foarlêzen. Dy litte wy hjirûnder folgje:

As de stoarmen om my beare,
as de nacht sa tsjuster is,
bin ik, burgen by de Heare,
altyd fan syn hoede wis.
Ek al fiel ik my allinne,
Hy is oeral om my hinne.
Troch in nacht fan stoarmgebrûs
bringt de Hear syn bern nei hûs.

(Liet 445, Lieteboek 2008)

Op ús troudei is, nei lang en duldsum lijen, yn alle frede ûnferwachte ferstoarn myn oarehelte

Ymkje Marchje Meester

* Amersfoort, 2 novimber 1929 — † Ljouwert, 19 jannewaris 2019

Hja wie myn leafde en libben, hja wie my alles.

Bertus Jans Postma
It Bosklân 15
9045 PV Bitgummole

It ôfskie sil wêze tongersdei 24 jannewaris yn de Ingelumer tsjerke.

Roubeklâch fan 13.30 - 14.00 oere. Dêroan de tsjinst en dêr wer oan de begraffenis op it tsjerkhôf.

Rou-advertinsje fan Ymkje Marchje Meester

'Yn myn jonge jierren hiene guon kriten fan it *Frysk Boun om Utens* keatsers ûnder de leden. En dy wiene simmerdeis oan it wedstriidkeatsen. Ik wie lid fan 'Reitsje him' yn Utert. Fan myn wedstriden is my ien bybleaun, dy yn Amersfoart. Oan 'e kant stie in kreaze jongfaam. Net ien koe har en se prate in oare taal. It kaam wolris foar, dat ik in bal rekke en dan hantsjeklapte se. Doe't de seis earsten út wiene, rekken wy oan 'e praat. De fine puntsjes sille wy 't hjir mar net oer hawwe. It waard wat, it gie oan. Skoanmem wie net botte wiis mei my. In Fries, in oare taal, ien dy't har dochter meiertiid meinimme soe nei Fryslân ta. En oarsom, by ús thús, fûn ús mem der neat oan: in stedsfanke mei in oare taal. Hawar, ik soe dit ferhaaltsje hjir no net fertelle as it net goed ôfrûn wie. It ís goed beteard. Skoanmem en ús mem leine har by de ûntjouwing del, se tekenen de frede.

Der is oars omraken yn ús ferkearingstiid stokele: it sizzen wie, dat ik net de lange hier yn woe, as se fan de foar har oare taal neat witte wolle soe. Ei! Dy hat se leard en yn 1988 is se foar it Afûk-eksamen slagge. Se hat dêr gâns Friezinnen mei pykset. En fan guon boargemasters kin de taal harres net belykje.

Om op it begjin, op myn keatsen, werom te kommen: ien kear haw ik in boppeslach makke. It wie op ús troudei, doe't wy yn de *Amersfoarter Berchtsjerke* foar God en yn it gemeentehûs foar de minsken inoar ivige trou swarden.

Yn ús trouwen hat de stoarmwyn oars wolris bolderjend op 'e skoarstien stien, mar yn eigen lân – earst yn Hallum en no al wer 18 jier oan it Bitgummoolster Bosklân – hawwe wy sûnder skoarstien libbe en koe gjin stoarmwyn der mear bolderjend op stean.

Freed 18 jannewaris 2019, de deis fóár ús 63ste troudei, kaam ik al betiid yn 't sikehûs by myn Ymkje. Se lei noch heal yn 'e sûs mar waard wekker by myn ynkommen. En se stiek my de hân ta: "Lokwinske, 63", sei se. Se wie op de 63 x 365 dagen mar ien dei mis. "Knap," tocht ik, "yn mannich wittenskip komt it sa krekt net.".

Buordsje oan it lewant yn de Molewjuk te Bitgummole
(foto: P. Dykstra)

Oan: Kolleezje en Rie fan Tytjerksteradiel
gemeente@t-diel.nl

Fan: B.J. Postma
It Bosklân 15
9045 PV Bitgummole
bertusjans@upcmail.nl

Bitgummole, 30 novimber 2018

Rju achtber Kolleezje, achtb're Rie,

Yn de snuorje fan 1990 krige ik fan de skriuwer fan de CDA-steatefraksje – in Deinum, neef ta de Ljouwerter wethâlder Deinum – in skriuwen dêr't my twa wurden fan bybleaun binne, nammentlik *ûnderlizzende taal*. Elts kin fan tinken wol hawwe, dat dêr ús taal mei bedoeld wie én dat de oare taal deroerhinne lei, oerhinne lein wíé. Sadwaande wie der yn in gemeente foarhinne sprake fan in ûndertaal en in boppetaal. Guon gemeenten hawwe dêr belied op makke, twatalich belied. Ornaris past in gemeentehûs dat mar foar it gemak sá ta, dat in kontakt mei de bûtenwacht ientalich is: óf boppe- óf ûndertalich en neamt dat dan folgjend taalbelied. In foarbyld: by de dea fan de âld-boargemaster Polderman stie jim boppetalich roubeklach njonken it boppetalige deaberjocht yn de Ljouwerter fan freed 24 febrewaris 2017.

Fuort neitiid hat it D.S.-kolleezje dát folgjend taalbelies ôfsward. Ûnder it foarsitterskip fan de nije kommissaris lykje ûnder- en boppetaal net mear te bestean. De ûndertaal fan dóé is nó ús eigen rykstaal, dy ûndertaal fan dóé is nó kommissaris syn earste taal. En no helje jim by Niemeijer syn ferstjerren itselde út as by Polderman syn dea: by it boppetalige deaberjocht paste gjin ûndertalich roubeklach (*LC*, 17 novimber 2018). In jimmeroan fernederjende ûnderfining fan Friezinne en Fries, dat hár eigen rykstaal net goedernôch west hie. Mei jim *folgjend taalbelied* ferfrjemdzje jim har fan har eigen taal. lt Frysk liket nóch de taal te wêzen dy't jim mei it boppelizzende Hollânsk ferdrukke, yn de skûtelbankadvertinsjes teminsten.

Oars, Bitgummoolster achtinge,
B.J. Postma

Neiskrift:
It boppesteande brief stie yn de riedsgearkomste fan 20 desimber 2018 wól op 'e Burgumer riedswurklist. In eigentalige rou-advertinsje soe in lyts stapke foarút wêze, ûnderweis nei lykweardigens en lykberjochtiging fan beide rykstalen. Sa'n advertinsje soe earst en meast omtinken krije moatte fan de FNP-fraksje en dy soe alle war dwaan moatte om de rie it fernederjende prinsipe fan folgjend taalbelied foargoed ôfswarre te litten. Mar it wol net by my wei, dat der 20 desimber net of amper oer de rou-advertinsje praat is en sadwaande ek net of amper oer folgjend taalbelied. Fan de FNP-fraksje hie 'k soks oars wol ferwáchte. Ik hie tocht, dat de politike maten bite soene, dat dy my yn alle gefallen fan ien en oar ferhelje soene. Faaks sóéne se dat, lykas slûge ek soe ...

De boargemaster (en net de griffier) skreau my op 17 jannewaris 2019 werom. Út respekt foar de ferstoarne en syn famylje wie de advertinsje by it Hollânsktalige deaberjocht ek yn it Hollânsk skreaun: 'De kar giet, neffens ús belied, yn dit stik fan saken boppe it kriteárium fan it brûken fan it Frysk út.'

Oft de ferstoarne no safolle respekt foar Fries en Frysk hie? De man hat gjin b.. op ús taal sette wollen.

Literatuer en Beweging

Pier Boorsma*

As ik oer de relaasje tusken literatuer *en* Beweging *skriuwe wol, moat ik my earst klearrichheid ferskaffe oer de posysje fan de skriuwer-yntellektueel yn 'e maatskippij. Sa waard bygelyks oan 'e ein fan de 19de iuw de Frânske legerkapitein Alfred Dreyfus sûnder grûn beskuldige fan spionaazje foar Dútslân. De Frânske skriuwer Emile Zola naam it foar him op en beskuldige de Frânske generale stêf fan it produsearjen fan falske dokuminten. Zola spruts út namme fan 'e minskheid en berôp him op de Rede en universele wearden as Rjochtfeardichheid en Solidariteit. Hy stie as skriuwer fier boppe de boargerij. It soe net yn him opkomme om krekt as Gerard Reve te ferkundigjen, dat er in winkel hie en dat der ferkocht wurde moast. Sa'n benypte beskriuwing fan it eigenbelang fan de skriuwer paste alhiel net yn it byld, dat hja fan in skriuwer hiene.*

Der wie in twadieling yn 'e maatskippij. Oan de iene kant stie de boarger, dy't op 'e merk foar syn oerlibjen koarte-termyndoelen neistribbe. Oan 'e oare kant stie de yntellektueel, dy't de lange-termyndoelen fan de minskheid yn it each hold en útgie fan geastlike wearden. De boarger hie belangen, de yntellektueel as persoan wie belangeleas: hy tsjinne inkeld it belang fan de minskheid.

Yn 'e twadde helte fan de 20ste iuw waard de twadieling *geast* fersus *merk en macht* trochbrutsen. Salang't de twadieling bestie, koene yntellektuelen gjin boargers wêze. By neiere analyze die bliken, dat de boarger net allinne út eigenbelang hannelet, mar út in miks fan eigen en algemien belang. Dat lêste soe by in twadieling net mooglik wêze. Of men hannelet út eigenbelang of men tsjinnet it algemien belang. De yntellektueel komt net belangeleas op foar it algemien belang. Hy stribbet krekt as eltsenien nei maatskiplik oansjen. Yn in demokrasy binne yntellektuelen gewoan *boargers*. Har aktiviteiten wurde likegoed as dy fan oaren beoardiele neffens demokratyske noarmen. Mei dy konklúzje wol ik neier yngean op de *spesifyk Fryske situaasje*.



Pier Boorsma: Kulturele autonomy yn Fryslân *(Wiuwert: Hispel, 2016, 74 siden).*

De Fryske situaasje

Yn 't earste nûmer fan it Frysk literêre tydskrift *De Tsjerne* út 1946 ferklearre de Fryske dichter Fedde Schurer, dat de bining tusken *literatuer en Beweging* ferbrutsen wie. De wurdearring fan it literêre wurk hinget net mear ôf fan it feit oft de literatuer beäntwurdet oan de doelstellings fan de 'Beweging'. Sawol de Beweging as de literatuer moatte eigen wegen gean. Schurer skriuwt: 'De skriuwer hat syn tsjinst as wêzentlike biwegingsfactor dien; de biweging moat hjar losmeitsje fen har erflik litteraire bining en eigen brede wegen gean.' En fierderop: '[...] det it de Fryske litteraire kinst ûnweardich is as evacué hjir en dêr to

heukerjen; det hja in eigen hûs hawwe scil.'[1]

Nei de sechtiger jierren wolle de (jonge) skriuwers neat mear mei de *Beweging* te krijen hawwe. Ommers it fanselssprekkend en natuerlik brûken fan it Frysk yn 'e literêre wrâld is krekt wat de Beweging neistribbet foar de hiele Fryske maatskippij. Sa'n maatskippij hat net mear in 'Beweging' nedich. Logysk dat skriuwers it belang fan de Beweging foar har segmint fan de Fryske maatskippij net sjogge. It iennichste momint, dat der fan ien of oare belutsenens mei de Fryske taal sprake is, is it momint fan de kar fan dy taal foar eigen literêr gebrûk. Úteinlik is it engaazjemint fan de skriuwer, dat er sa goed mooglik skriuwt neffens eigen aard en talint.

'De Tsjerne' oer de relaasje tusken literatuer en Beweging

Yn 1953 ûntstiet yn it literêre tydskrift *De Tsjerne* in diskusje oer de *relaasje tusken literatuer en Beweging*. Yn in essay 'De Biweging en wy' skriuwt de no fergetten dichter Inne de Jong: '[...] hawwe wy troch tiid en omstannichheden gjin oare kar as mei alle fjochters foar Fryslân in solidaire striidmienskip te foarmjen.'[2] Anne Wadman reagearret dêrop yn syn essay 'Replyk foar yntern gebrûk': 'Hwat Inne de Jong as in gelok sjocht: dat de Fryske skriuwers meastepart ek striders binne, is by my in ûngemak.'[2] Yn it kommentaar 'Fuortset petear' komt Wadman mei syn ferneamde útspraak: 'It giet by my net yn 't earste plak om de ***Fryske*** skriuwer, mar om de Fryske ***skriuwer***' (s. 253). De ***Fryske*** skriuwer fan Inne de Jong docht mei yn 'e Fryske Beweging, de Fryske ***skriuwer*** fan Wadman hat mar ien opdracht: '[...] to skriuwen, en to skriuwen neffens eigen oanliz en persoanlikheit.'[3]

Pompe of fersûpe

Ik haw hjirboppe útienset, dat de skriuwer-yntellektueel net mear in útsûnderingsposysje yn 'e maatskippij ynnimt. Hy is in gewoane boarger wurden mei alle demokratyske rjochten en plichten. As Wadman ornearret, dat de Fryske skriuwer benammen Frysk ***skriuwer*** wêze moat dan is it fansels wol sa, dat de *boarger* Wadman benammen in ***Fryske*** boarger is. De ***Fryske*** boarger dy't tagelyk skriuwer is, hat deselde affiniteit mei de taal as de skriuwer dy't er ek is. It leit dan wol op 'e wei fan dy boarger om, as it Frysk yn 'e knipe komt, dêrfoar op te kommen. Hy of sy hoecht net fuortdaliks de dyk op, mar de boarger-skriuwer soe syn masterskip oer de taal ynsette kinne om yn essay of opinystik syn stipe oan it fuortbestean fan de taal te jaan.

In oare situaasje ûntstiet as de taal yn in krisistastân komt. As it derop of derûnder is, kin men, sa't de nei-oarlochske essayist en godstsjinstpsycholooch Fokke Sierksma docht, de situaasje ferlykje mei de ûndergong fan de Titanic. Sierksma hold yn 1953 fjouwer lêzings foar de Regionale Omroep Noord (RON) yn it programma 'Literair Kwartier' ûnder de titel 'Kunstenaar en Beweging'. It neikommende sitaat komt út de lêste lêzing op 31 july 1953. Sierksma seit dêr: 'Wie vaart op een schip, dat lekgestoten is, gaat niet pavoiseren maar pompen. En als de leden van het scheepsorkest daarbij een handje kunnen helpen, [...]

*Pier Boorsma (twadde fan lofts) op 'e dyk yn it spier foar better ûnderwiis yn it Frysk (**'Sis Tsiis'**, sneon, 1 des. 2018 yn Ljouwert).*

dan moeten ze het beslist niet laten [...].'

Om op it Frysk werom te kommen, yn sa'n krisissituaasje kinne ek skriuwers frege wurde om har skriuwen (even) efter har te litten en mei te dwaan oan de rêdingsoperaasje. Sitte wy yn sa'n krisissituaasje? Oan de statistiken te sjen, binne wy der net fier fan ôf. As it sa fier is, dan witte de skriuwers wat har te dwaan stiet. Ik hoopje foar it Frysk en de Fryske skriuwerij, dat it sa fier net komt. Om efkes op de Titanic werom te kommen: as de skriuwers it oerlibje, is it inkeld in ynterrupsje yn har skriuwersbestean. As se fersûpe is dat de ein fan de skriuwerij yn it Frysk.

De skriuwer kin kieze: *pompe* of *fersûpe* ...

* *Pier Boorsma (1944) is dichter en wie oprjochter en redakteur fan it tydskrift* Sonde *en redakteur fan de dichterstelefoan* Operaesje Fers. *Wurk:* De neidagen fan in keamerhear *(1971); Under frjemde wetten (1978); gearstalder (mei oaren) fan de* Spiegel van de Friese poëzie *(1994, 2008; 525 siden);* Net allinne genôch *(2005);* Kulturele autonomy yn Fryslân *(2016).*

[1] Fedde Schurer, 'De bining forbritsen', yn: *De Tsjerne* 1946, s. 2, 4.
[2] Inne de Jong, 'De Biweging en wy', yn: *De Tsjerne*, 1953, s. 119.
[3] Anne Wadman, 'Replyk foar yntern gebrûk', yn: *De Tsjerne*, 1953, s. 154.
[4] Anne Wadman, 'Fuortset petear', yn: *De Tsjerne*, 1953, s. 253, 254.

In priuwke fan modern Frysk

Lang ferlyn alwer kamen wy – de frou mei – út Brabân wei wer thús. Wy ferstiene de taal diskant Lende en Tsjonger fansels wol, mar dy wie net alhiel mines. Letter hearden wy dat de lju *Nijfrysk* praten/sprieken. Ik hie ferwachte dat de politike maten alfabeten wiene. De werklikheid foel my net ta. In foarbyld fan dy moderne werklikheid lies ik yn de *Bildtse Post* fan 19 desimber 2018: 'FNP: 'Gemeente, stopje net mei opheljen krystbeammen.' De skriuwer hie op 'e FNP-kandidatelist stien foar de riedsferkiezing en wie keazen yn de Waadhoekster riedseale. De man skreau 'modern' Frysk.

Dêr in priuwke hjirûnder fan:

1. De fraksje is fernúvere oer it foarnimmen fan it kolleezje;
2. Yn Frjentsjerteradiel hellen bêrn de beamen op en koene de bêrn in priiske winne;
3. De bêrn bûten, de bjimmen moai sintraal en nei ôfrin sûkelarje molke;
4. De FNP wol dan ek fan it kolleezje witte as it beslút ek wêrom draait wurde kin;
5. Neffes de FNP mei it net sa wêze dat ynisjatieven dy't de mienskipssin ten goede komme troch in gemeentlike fúzje ferdwyne.

Taalflaters? Ei ju, kin 't skele ...

Bertus Jans Postma

FNP: 'Gemeente, stopje net mei opheljen krystbeammen'

De fraksje fan FNP Waadhoeke is fernúvere oer it foarnimmen fan it kolleezje om ynwenners sels wer foar de ôffier fan krystbeamen ferantwurdlik te meitsjen. Yn de âlde gemeente Frjentsjerteradiel hellen bêrn fan it doarp of de wyk de beamen op en krigen de doarps- en wykbelangen hjir in lytse bydrage foar en koene de bêrn en priiske winne.

Troch de gemeentlike weryndieling wurdt hjir no mei ophâlden. "Dea sûnde," neffes riedslid Hans Nauta. "De bêrn lekker bûten en yn beweging, de bjimmen moai sintraal en nei ôfrin sûkelarje molke en de ferlotting". De FNP wol dan ek witte fan it kolleezje as it foarnommen beslút ek wêrom draait wurde kin. Nauta: "Lit de âlde situaasje foar dit jier yn stân en lûk it foar oare jier lyk mei de rest fan de gemeente. Neffes de FNP mei it net sa wêze dat ynisjatieven dy't de mienskipssin ten goede komme troch in gemeentlike fúzje ferdwyne. Fier it âlde systeem dan takôm jier ek yn de rest van de gemeente yn," aldus Nauta.

Taal- en staveringsflaters? Ei ju, kin 't skele ...

[1] *Ûngetiid*: (1) drokke, ûnliddige tiid; (2) (tiid fan) it heawinnen, haaiïng.
[2] *Sneed*: de opbringst fan ien kear meanen.
[3] *Soerstâle*: Holl.: 'veldzuring'; (soere) surk.
[4] *Op(p)er*: bultsje hea op it lân dat sa fierder drûgje moat, sa it hea tsjin slim wietreinen beskermje moat of sa klearleit om ferfierd te wurden.
[5] *Wurdze*: rigel fan in stikmannich byinoar brochte sweeën hea. Swee: op it lân lizzend meand gers, hea of nôt dat noch net fan it plak west hat.
[6] *Ti(e)me*: peal mei touwen en blok om *wurdzen* hea yn bulten te skowen; izeren tastel mei *tinen* (lange tinne tosken oan ark of reau) om dat te dwaan (heaskower).
[7] *Reak*: heap, byinoar skode bult hea, dy't kreas opmakke is foar it ynreinen.
[8] *Swylje*: byinoar klauwe (fan hea of gers) ta *wurdzen* of bulten.
[9] Der kaam ek wol ris in Westfaalske arbeider (*hantsjemier*, gersmier, mier, poep) dy't him yn 'e ûngetiid oan in boer ferhierde om te gersmeanen.
[10] *Foarein*: wenhûs fan in pleats dat (mei de hals) oan de skuorre fêstsiet (binhûs, foarhûs, foarhuzing).

Boppe: It hea wurdt mei heafoarken yn de golle omheech brocht (tekening: Ids Wiersma).
Midden: In (âlde) heasleep dy't lutsen wurdt troch in twaspan.
Lofts: Fryske ha(a)iwein.

Snypsnaren (3)

*troch Jan Hiemstra**

De ûngetiid[1]
July wie jierrenlang de heamoanne: de moanne wêryn't it hea yn de skuorre kaam. Dat ûngetiidzjen wie foar de greidboer it hichtepunt fan it jier; it fretten foar de winter waard wûn. Mar foardat it sa fier wie, moast der hiel wat barre.

Wa't net donget, wa 't net ponget
Wa't yn de maitiid in flinke sneed gers[2] fan it lân helje woe, hie yn 'e neisimmer, de hjerst en de winter *donge* (kouwestront oer it lân struid), *greppele* (de greppels tusken de ekers op djipte brocht foar it ôfwetterjen), hekkele en efter mûzen en mollen oansitten. It gers koe dan de grûn útbrûze. Net alle nijgers waard lykwols brûkt foar hea. Yn in part dêrfan kamen de kij, want de *gollen* (heafekken yn de skuorre) wiene fierhinne leech. Gers dat hea wurde moast, moast oan de knibbels ta stean ear't it meand wurde koe. Ûndertusken diene de hynste-, de pinkster- en de bûterblommen lykas de soerstâlen[3] harren bêst om in plakje tusken it gers te feroverjen. Sa'n greide wie ien grutte kleurepracht, dêr't ljip, skries en tsjirk de kâns hiene om harren aaien te lizzen en piken grut te bringen.

Meane
Yn juny waard der meand. Dat barde mei de meanmasine mei twa hynders derfoar. Ien fan de boer sels en ien liend yn de bouhoeke. De kops-, greppels- en wâlskanten waarden mei de seine meand. Der mocht neat ferlern gean. De rook dy't troch it meande gers ferspraat waard, wie sa oerweldigjend dat ik dy efter myn kompjûter noch rûk!

Dêrnei wie it te hoopjen dat der fêst sinneskynwaar en wat wyn kaam. De 'Mededelingen voor land- en tuinbouw' op de radio waarden yn mannich boerehúshâlding mei reade earkes beharke, want as it gers der ien kear ôf wie, wie der gjin wei werom. It moast drûch.

Yn it hea
It meande gers waard keard en skodde. Siet it mei, dan wie it gau hea. Mar it gong faak net sûnder swierrichheden. It al foar in part drûge gers reinde wiet, der waarden lytse bultsjes (*opperkes*[4]) fan makke en dy moasten, sadree't it drûch wie, op 'en nij útstruid en skodde wurde. De simmer koe net sa min wêze of it hea kaam yn 'e skuorre. Dat barde dan op dy iene drûge sinneskyndei. It hea waard yn *wurdzen*[5] (lange stripen) swile en mei de *ti(e)me*[6] (balke of hikke dy't oer it gers glied en troch in hynder lutsen waard) kaam it yn de reak[7] (in grutte bult hea). Sa'n reak stie dan klear om nei de skuorre brocht te wurden.

De minsken
It wurk waard dien mei 'help' fan hynders, masinen en sels al trekkers. It grutste part wie it noch hânwurk. 'Eltsenien' waard optromme. De boer en de fêste arbeiders wiene wit hoe ier al oan it melken om mar yn it hea te kinnen. De bern moasten nei skoaltiid op de *swylmasin*e (swiler)[8] en it hea nei de pleats ride. Mei in nuet hynder foar masine en wein wie soks fertroud. Dan wiene der noch de losse arbeiders dy't harren yn de ûngetiid ferhierden. Guon kamen der spesjaal foar út Grinslân.[9]

De boerinne moat foaral net fergetten wurde. Sy hie it net allinnich drok mei it kofje- en teesetten, it broadsjesmarren en it itensieden, mar se die ek in hantaast op it lân. It wurk yn de *foarein*[10] bleau lizzen. Sadree't de kij derút wiene waard it *bûthús* himmele. Mannich boerehúshâlding wenne yn dy tiid fan it jier yn in part dêrfan.

Foar de minsken wie it *pypskoft* (= de 'pauze', ûnderbrekking) op it lân, lizzend en sittend yn it waarme en lekker rûkende hea fan de reak, mei in stoerske kop kofje yn de iene en in broadsje yn de oare hân in belibbing.

Yn 'e skuorre
Stie it drûge hea ien kear yn de reak, dan moast it nei de skuorre. Wie it noch net al te drûch, dan bleauwen de reakken wolris efkes op it lân stean om wyn en sinne harren wurk dwaan te litten. Foar it ynheljen brûkten de measte boeren de houten *ha(a)iweinen*. Guon hiene al platte sleepkes of luchtbanneweinen. Om de

Yn 1952 sitte Rinke, Yke, heit Sipke, Pieter en Simon Hiemstra noflik yn it hea. Dy mei de hoed is Piet van Hout en foar de swylmasine stiet Antje Joustra.

haaiweinen wat breder te meitsjen, waard der in ramtwurk op lein. Dan begûn it laden. Dêr wiene twa minsken foar nedich: de iene stiek it hea omheech, de oare siet op de wein (de *weidloeger*)[11] en lei dy stikken te plak. As de *weide*[12] (weinfol hea) sa heech wie dat de opstekker it hea net mear heech genôch krije koe, dan moast de fracht fêstsetten wurde. Dêrfoar wie in bynpeal, de *pontsjer*[13], en in ein tou meinommen. De peal kaam yn de lingte boppe oer it hea en waard oan de foar- en de efterkant mei it tou oan de *sydberje*[14] (losse sydplanke fan in boerewein) fêstset. Dan it hynder derfoar en de weide hea waard nei de skuorre lutsen.

Moderne boeren sleepten de reak (byinoar skode bult hea) yn ien kear op in plat *heasleepke* (soart slide). Ûnder de reak wie in *net* oanbrocht en mei in stik tou om de reak en in hynder derfoar waard de 'bult' yn syn gehiel op it sleepke lutsen.

De golle

It hea waard yn de *golle*[15] (it heafek) opslein. It wie de iepen romte ûnder de *bynten*[16] en de *hoannebalken*[17]. Grutte pleatsen hiene twa gollen. It hea moast kreas opslein wurde. Benammen oan de foarkant moast it goed 'set' wurde, want oars koe it letter nei foaren komme op de opreed. By guon boeren waard de weide hea leechstutsen, mar de boeren dy't sleepten, hiene in takel en dan koe de reak yn ien kear yn de golle ploffe.

Heabroei

Lei it hea ienkear yn de golle, dan wie it wurk noch net foarby. Wat der dêrnei barde, hong in bytsje fan de soarte fan simmer ôf en it risiko dat in boer nimme doarst. Yn in moaie drûge simmer kaam it hea ek drûch yn 'e skuorre. It bytsje focht dat der dan noch ynsiet, dampte der wol út. It waard helte minder mei in wiete simmer, want dan moast it hea úteinlik de skuorre ek yn as it net al te drûch wie. Dan waard it hea yn de golle net in bytsje waarm, mar begûn it te 'broeien'. En heabroei wie de skrik fan eltse boerehúshâlding. Fan de brânfersekering wiene de boeren ferplichte de folle golle *roedzje*[18] te litten. Mei in izeren pinne mei in termometer derop[19] waard de temperatuer fan it hea fêststeld. De temperatuer koe sa heech wurde dat de brot yn 'e brân fleach. Om soks foar te wêzen, waard der *dold*[20]. Fan boppen ôf waard der mei in spit*lodde*[21] in gat yn it hea fan de golle stutsen en waard it soms al swarte hea derút helle. Dat wie bodzjen en switten! Der binne hiel wat pleatsen yn Fryslân opbaarnd troch de heabroei. As alles goed gongen wie, wie der wer genôch fretten foar de bisten yn it winterskoft.

Jawis, tiden hawwe tiden ...

* *Jan Hiemstra (Easterein, 1943) wennet te Frjentsjer. Hy wie earder ûnderwizer en learaar en keatst en skriuwt graach. De earste ôflevering fan 'Snypsnaren' stiet yn* Nij Frisia*, nû. 3, sept. 2018 (s. 15-16). Dêr stiet ek mear ynformaasje oer de skriuwer.*

[11] *Weidloegje*: hea of oar fjildgewaaks op in wein lade. Loegje (ek: loeie): romte sa follade dat dy optimaal brûkt wurdt (heapje, steapelje).
[12] *Weide*: weinfol hea of oar fjildgewaaks (foer, reed).
[13] *Pontsjer(t)*: lange peal dy't yn de lingte oer in foer hea of nôt lein wurdt en foar en efter fêstmakke wurdt om it hea of it nôt by it ferfier op de wein te hâlden (ek: pûntsjer; bynpeal, bynstôk, wizeboom).
[14] *Sydberje*: losse sydplanke fan in boerewein (ek wol: hikke, sydljedder, sydsket). In bûkberje is de losse laadflier fan in boerewein (ek: bûkdealje, bûkdelling).
[15] *Golle*: romte, fek dêr't it hea of nôt opslein wurdt (heafek, heagolle).
[16] *Bynt*: (1) gearsetting fan balken dêr't it dak fan in gebou op rêst, benammen fan in boereskuorre; (2) balke tsjokker as 15 by 20 sm).
[17] *Hoannebalke(n)*: heechste horizontale balke(n) fan in dakkonstruksje.
[18] *Roedzje*: mei in hearoede de temperatuer fan de heafoarried fêststelle (hearoedzje, ôfroedzje).
[19] *Hearoede(r)*: lange izeren stôk, stêf mei in punt en wjerheak om hea te kontrolearjen op broei, de punt wurdt hjit en mei de wjerheak kin der in topke hea út lutsen wurde (heaboar, heaharpoen, heaplôke, heatûke).
[20] *Dolle*: útspitte, opgrave.
[21] *Lodde*: stik ark besteand út in plat metalen blêd mei in stôk en in jelt, brûkt om te hakjen, te dollen. Jelt: hânfet dat dwers op 'e stôk fan guon stikken ark (bgl. gripen, skeppen, lodden) sit.

Ridders en muontsen yn Fryslân

*Goaitzen Bosma**

Goaitzen Bosma mei syn sydsulver ...

Ynlieding

De lêzers fan Nij Frisia *sille allegearre wol ris heard hawwe fan trije grutte* ridderlike oarders *dy't har ek mei soarchtaken dwaande holden. Dy kristlike ridderoarders hawwe harren tige ward yn de tiid fan de* Krústochten *(1096-1271). En grif hawwe jimme yn dat ferbân ek wol ris wat lêzen oer de* Oarder fan de Timpeliers, *de* Oarder fan Sint-Jan *(*Johanniters *of* hospitaalridders*) en de* Dútske Oarder.[1] *By de Fryske takke fan dy lêste oarder bin ik sels aktyf behelle en dêrom wol ik der graach ris wat oer skriuwe ....*

De krústochten en Frisia

De skiednis fan de krústochten is benammen begûn yn 1096 doe't der needsaak ynsjoen waard om kristenpylgers nei Jeruzalim in feilige begelieding te jaan. Yn dy snuorje wienen de muzelmannen der gauris op út om dy pelgrimaazje mei geweld tsjin te hâlden, ek omdat it foar in part op harren terrein lei. Dat sinnnige de kristenwrâld net en benammen de eallju fan dy tiid sammelen harren om nei it Midden-Easten te gean. Dat rûn troch de tiid hinne aardich út 'e hân, want de strideraasje tusken de islamiten en de kristenheid hat alles mei-inoar wol sa'n fjouwer iuwen duorre. Dêr binne sels krúsfardersstreatsjes oprjochte yn it gebiet dat hjoed-de-dei grutte parten beslacht fan Súd-Turkije, de Libanon, Syrië en Egypte.



De Mariënboarch (Dútsk: Marienburg; Poalsk: Malbork) oan de rivier de Nogat yn West-Prusen (Poalen), fan 1309 oant 1455 residinsje fan de Grutmaster ('Hochmeister')

Troch harren ynspannings en oerwinnings hawwe de neamde oarders aardich wat skinkings krigen yn de thúslannen. Dêrby waarden de Timpelridders sa ryk, dat sy riker waarden as de Frânske kening Filips (IV) de Moaie en dat foarme foar him in bedriging. Dy Filips soarge der dus foar dat de Timpeliers fan de ierdboaiem ferdwûn binne en dat harren besittings konfiskearre waarden.[2] De *Johanniters* en de *Dútske Oarder* wienen de tiid wol treast en besteane as *woldiedichheidsorganisaasje* noch altiten. Dus mei militêre saken hawwe sy hjoed-de-dei neat mear te krijen.

Gâns Fryske eallju dy't oan de krústochten (1095-1271) meidienen, hawwe harren net allinnich oanslet-

[1] Sjoch foar oare eftergrûnynformaasje ek de beide artikels fan Sytze T. Hiemstra yn *Nij Frisia*: 'Ús eigen Taal (29)', nû. IV, 2018, s. 3, 5-9 en 'Ús eigen Taal (30)', nû. I, 2019, s. 3, 5-8 (dit nûmer). Dy artikels geane benammen oer it skrinend tekoart oan ûnderwiis yn de skiednis fan Fryslân en de Friezen en oer de bydrage fan Friezen oan de krústochten yn de Midsiuwen. Dêryn komt de *Dútske Oarder* ek op it aljemint.

[2] Yn de nacht fan 12 oktober op 13 oktober 1307 waarden oer hiele Frankryk troch amtners fan de kening 15.000 minsken oanholden en fan de timpeliers sa'n 2000. Dy timpelridders binne letter foar in grut part as ketters ferbaarnd en dêrmei wie de woartel út de organisaasje! Dy *trettjinde* oktober wie in *freed* en om dy reden wurdt *freed de trettjinde* no ek noch wol as in ûngeloksdei beskôge.

Lofts: De Kapittelseal foar de gearkomsten fan de Kommandeurs fan de Dútske Oarder yn it Hûs fan de Balije fan Utert.
Rjochts: Tsjerkhôf fan Nes mei klokkestoel

ten by de *Johanniters*, mar benammen ek by de *Dútske Oarder*. Te Snits rjochten de Johanniters in 'Hospitaal' op (tusken 1284-1317) en de *Dútske Oarder* krige yn ús Fryslân *trije* fêstigings. Op in terp te Nes by Akkrum (earder gemeente Utingeradiel, letter Boarnsterhim [1984]) kaam om 1243 hinne in manljuskleaster, yn de eardere gemeente Aenjewier it frouljuskleaster *Stientsjerke* (Steenkerke, Mariënberg of Mariënbos) by Lúnbert (sa. 1375-1514). En der kaam ek noch in hospitaal, it Sint-Nicolaaskonvint (fóár 1472), te Âldskoat of Skoat (Holl.: *Schoten*) yn de eardere gemeente *Skoatterlân* (no *Hearrenfean*) en dat konvint wie wer ûnderhearrich oan Nes.

It is fan belang om te witten dat de ridderoarders in twaliddich karakter hienen: hja hienen in *militêre* takke, dat wienen de saneamde *fjocht*muontsen dy't rekrutearre waarden en yn kastielen in oplieding krigen en der wie in de *sielsoarch*takke. De lêstneamde takke hie as thúsbasis in 'Kommanderij'; dy hie gjin abt as haad, mar in 'Kommandeur'. En winliken waard dêr ek net praat fan in 'kleaster', mar fan in 'kommanderij'. Op It Hearrenfean is letter noch in strjitte neamd nei de lêste kommandeur fan Skoat, de *Melchior de Grotestraat*, en der is boppedat in *Commandeurstraat*.

Nei de krústochten hienen de oarders einliks gjin betsjutting mear yn it Midden-Easten. Wy kinne wol sizze dat se ferdreaun binne en se moasten nije aktiviteiten sjen te finen. De *Johanniters* binnen nei Malta ta tein (har 'Maltezer krús' hat acht punten om 'sillich te wurden'). En Poalske en wat Baltyske prelaten dy't bestjoersmacht oer in beskaat tsjerklik gebiet hienen, hawwe de ***Dútske Oarder*** ynhierd om de heidenske Prusen te bekearen ta it Kristendom en dêr wienen ek Friezen by. Dy hat tige húsholden yn dy kontreien en dêr is sa stadichoan in eigen steat stifte, mei as residinsje it slot de 'Marienburg' (Malbork, Poalen) . In 'Hochmeister' (Ing.: grandmaster; Frysk: grutmaster) wie it haad fan dy organisaasje en de earste wie de ferneamde *Hermann von Salza*. Dy wie ek de riedsman fan keizer Friedrich (Freark) II von Hohenstaufen (1194-1250).[3] Hja stienen yn nauwe ferbining mei de paus te Rome.

Foarearst waard de 'Nederlânske' takke ûnderbrocht by de Prusyske 'Hochmeister'! Mar dy Nederlânske takke hat him losmakke fan de Prusen en in eigen *Balije* oprjochte: 'De Ridderlijke Balije van Utrecht'. Dêr wienen gâns protte aadlike famyljes by behelle en dy leveren net allinnich ridders, mar ek sielsoargers fan heech nivo. Dy moasten de karre fierdersoan lûke. De Balije fan Utert bestiet noch altiten en is al goed 800 jier âld. Al yn de Reformaasjetiid is dy balije oergongen op it protestantske leauwe, wylst de Kommanderij Alden Biesen yn België[4] de Roomske tsjerke altiten trou bleaun is.

De betsjutting fan de trije kommanderijen foar Fryslân

De trije 'Kommanderijen' fan de Dútske Oarder yn Fryslân hawwe grutte ynfloed hân op de gong fan saken binnen de Fryske mienskip en de omkriten dêrfan. De measte lju fan de kommanderije koenen lêze en skriuwe en dat joech harren gesach. Se wienen ek behelle by wetterskipssaken (bgl. by de 'Leppa'), it ûnderhâlden fan silen en se krigen de opbringsten

[3] Friedrich II wie in pakesizzer fan de grutte keizer Friedrich I (Barbarossa) , dy't fan't hynder rekke by in krústocht en yn 1105 ferdronken is yn in rivierke (de *Selef*) yn Anatoalje (it Midden-Easten).
4 De lânkommanderij fan de balije Alden Biesen (yn Rijkhoven by Bilzen, België) hie de grutste ynfloed.

Ôfdutsen grêfstien mei byskrift oer it 'Kleasterpaad Nes' mei Hindrik de Jong (archeolooch en bestjoerslid fan 'De Friese Huizen van de Duitse Orde').

dêrfan. Troch harren belêzenens koenen hja ek optrede as helper by wurk dat hjoed-de-dei in notaris docht, dus by it opstellen fan akten of oarkonden en sa. Te Ljouwert ('Tresoar') wurde dêr noch wat fan bewarre.

Fan 1228/43 oant likernôch 1580 hat de oarder yn Fryslân bestien, mar doe kaam der swier waar. *De Tachtichjierrige Oarloch* (1568-1648) stie foar de doar mei de striid tsjin Karel V syn soan Filips II (en syn opfolgers). Dy moasten dat konflikt úteinlik ferlieze fan de protestanten en sadwaande waarden ek de kleasters yn Fryslân opheft. Al harren besittings, boerepleatsen en stikken lân binne oergien nei de Steaten fan Fryslân en ek harren argiven. Om foar te kommen dat de Spaansken de kleasters brûke soenen en koenen as fersterkings, binne de measte gebouwen opromme. De bakstiennen

Nes heeft sinds kort weer een ‚Kleasterpaad'

NES

Door een informatiebord te onthullen werd dezer dagen het nieuwe kloosterpad van Nes officieel in gebruik genomen.
Het heeft lang in de molen gezeten, maar uiteindelijk is het graspad rond een deel van de begraafplaats waar het klooster in de jaren 1243-1580 in Nes heeft gestaan, officieel geopend. Dit was een klooster van de Duitse Orde. Via het pad loopt men langs sloten die voor een deel de vroegere structuur van de kloostergracht volgen.
Het huidige terprestant met kerkhof is een overblijfsel van de oorspronkelijke 2,5 hectare grote terp waarop het klooster stond. Aan het eind van het voetpad komt men via een klein bruggetje op de Nesser begraafplaats, alwaar de resten van de grafsteen van de commandeur Reyner van der Elburg liggen. Deze heeft het Nesser convent bestuurd van 1526 tot 1546. Het pad is een welkome toevoeging op de geschiedenis van het oude Nes.

Een deel van het Akkrumer shantykoor Kromme Knilles Sjongers was speciaal voor de onthulling van het infobord omgetoverd tot monniken die een eigen Kleasterlied ten gehore brachten.

SNEON 28-11-2015

De onthulling van het infobord. Foto: Pier van der Heide

Boppe: Part fan de âlde grêfstien fan kommandeur Reyner van der Elburg, bestjoerder fan it Nesser konvint fan 1526-1546.

Ûnder: Ynstjoerd troch T. Hoeneveld út Âldeboarn op 1 okt. 1907 en pleatst yn it 'Nieuwsblad van Friesland' (Hepkema's Krante).

INGEZONDEN.

M. de Red.!

In uw Nieuwsblad van j. l. Zaterdag lees ik in het artikel: „Een oude grafzerk opgedolven", het volgende: „Wanneer het Nesser klooster afgebroken is, kunnen we niet zeggen. Misschien is 't dadelijk opgeruimd toen in 1580 de kloostergoederen algemeen aan de provincie overgingen. In 1542 stond het nog etc." Laat mij u in het verband hiermede mededeelen wat mij uit aanteekeningen bekend is.

Den 17 Januari en volgende dagen in 1550 werd een Landsdag gehouden door de Staten van Friesland nopens den eed en de inhuldiging van Philips Prins van Spanje als erfheer van Friesland. Bij dien landdag, in de Kerk van Oldehove gehouden, zijn present geweest Hubertus Schooff, commandator te Nes etc.

Schotanus schrijft: 1581. Het klooster Nes belegerd door Merode met een vaandel uit Leeuwarden, een uit Sneek en twee uit Dokkum. Hij won het. De krijgslieden moesten zweren in drie maanden tegen de vereenigde landen niets te doen.

Het klooster bestond dus nog in 1581 en was toen bezet met soldaten.

Uw dw. dn.
T. HOENEVELD

It kleaster fan Nes by Akkrum. Der is hast neat oer bekend, hoe't it derút sjoen hat. Der is in tekening fan de resten fan de tsjerke dy't by it kleaster hearde. Der is besocht in rekonstruksje te meisjen op grûn fan dizze print en wat der oan spoaren yn de grûn op in loftfoto is te sjen.

Tekening Jeannette Héman

Rekonstruksje fan it kleaster fan Nes (foto: *Leeuwarder Courant,* 20-12-1999, by in artikel fan Kerst Huisman).

('âlde friezen'; Holl. 'kloostermoppen') dêr't se fan boud wienen, waarden wer troch oaren brûkt. Gewoane boargers wennen fansels almeast noch yn houten wenninkjes.

De Nesker Kommanderij

Wy meitsje in grutte sprong nei 1907. Dan stiet der in berjocht yn it 'Nieuwsblad van Friesland' (yn de folksmûle: 'de Hepkema'), dat ferslach die fan in 'Opgegraven grafzerk op het kerkhof te Nes, Utingeradeel'. Op dat terrein stienen eartiids de gebouwen fan de Nesker Kommanderij (fan 1228-1580) en stiet op it plak fan de tsjerke no in klokkestoel. Dy klokkestoel wie yn de rin fan de tiid slim ferwaarleazge en moast nedich ferfongen wurde. De fûneminten fan de tsjerke waarden útgroeven en dêrby kamen trije fragminten fan in grêfstien nei boppen. It bliek de stien te wezen fan in ferstoarne Kommandeur, dy't yn 1556 yn de tsjerke fan de Kommanderij begroeven waard. Syn namme is no wer bekend: Reyner van der Elburg! Nei it opknappen fan de klokkestoel binne de fragminten fan de grêfstien op it tsjerkhôf dellein, dat wol sizze fan twa parten, want op in lyts fragmint wie neat mear te sjen. Dat stik sil wol ien wurden wêze mei in boerereed.

Op Nes is yn 2015 it projekt' Kleasterpaad' ôfsletten en de twa oerbleaune stiennen binne restaurearre en ferwurke as monumint. De Balije fan Utert hat stikken grûn dy't eartiids by de Kommanderij hearden, werom koft en dêr sil meidertiid wer in nij projekt foar ûntwikkele wurde.

In nije stifting

Ûnderwilens is der in 'Stichting Friese huizen van de Duitse orde' oprjochte (2016) en dy moat syn foarm noch fierder krije. It wichtichste doel is om de minsken histoaryske ynformaasje te jaan. De stifting hâldt nau kontakt mei de Balije fan Utert en dy hat ek al ris op besite west.

In aardige bykomstichheid is, dat troch in resinte weryndieling fan gemeenten (2014) alle trije neamde delsettings fan de Dútske Oarder no yn ien gemeente lizze, te witten de gemeente *Hearrenfean*.

* *Goaitzen Bosma (1951) wennet op It Hearrenfean en hat grutte belangstelling foar de Fryske kultuerskiednis. Hy is behelle by de stifting 'Friese Huizen van de Duitse Orde, Nes, Schoten en Luinjebert', mei graach tekenje en skilderje en muzykynstruminten bouwe (sj. foar mear ynformaasje ek* Nij Frisia*, jrg. LXV, nû. 1, maaie 2016, s. 10).*

Mear rinte as by de bank ...

Kerst Huisman*

Kerst Huisman te Drachten op woansdei 12 des. 2018 yn aksje tsjin it ûnrjocht dat Jenny Douwes (bekend wurden troch de A7-blokkade op 18 nov. 2017) oandien wurdt (foto: S.T. Hiemstra).

In famyljegeheim yn it ljocht fan turf en striid

Men hat famyljegeheimen yn soarten. Almeast giet it om geheimen dy't as se gjin geheim mear binne, in plak jûn wurde kinne. Ek al omdat it geheimen binne dy't wy hjoed-de-dei net mear sa'n taboe fine. Mar sa'n famyljegeheim kin ek útwurkings hawwe oer mear as in iuw. It ferhaal begjint op woansdei 23 april 1890, op 'e Ulesprong, *by De Tynje. Maitiid 1890, de wiken fan de grutte feanstakings fan De Tynje en Nijbeets.*

Al betiid hienen minsken troch, dat der mei dy feanstakings dêre wat bysûnders oan de hân wie. Tink mar oan de beskriuwing fan Theun de Vries yn syn magistrale roman *Stiefmoeder Aarde* fan 1936: 'Toen Jarig en Karel in de veenpolder kwamen, troffen ze er een ander soort arbeiders dan ze gewend waren; geen wankelende slapers die af en toe smartelijk de ogen openen naar de zwarte hemel van hun bestaan: waarom leven wij, waarom sterven we niet? En dan weer dóórsliepen. Hier was het volk armer, het werd zelfs grover misbruikt en geplukt; maar er was een sombere eenheid onder hen, die nu en dan opsprong tot scherp verzet.'

Wêrom wie it dêr dan oars? Der is hjoed-de-dei in soad bekend oer stakings yn de njoggentsjinde iuw, doe't staken ferbean wie. Út ûndersyk hat bliken dien dat it swiertepunt fan dy stakings foar hiel Nederlân oant 1870 ta lein hat yn de lege feanterijen yn Fryslân. Sosjalisten as Troelstra en Sam de Wolff tochten dat de âlde Fryske frijheid dêrmei te krijen hie. Net de frijheid lykas dy werklik wie, mar de lettere foarstellings dêrfan. En dêr binne oanwizings foar.

Heftige tastannen en heftige diskusjes. Der marsjearden faak soldaten nei de feanterij as der wer ris staakt waard om in pear sinten mear. Doe't it leger yn april 1890 ynkertierd rekke yn de legere skoalle op De Tynje, skreau it sosjalistyske blêd *De Klok*: 'De kinderen noodgedwongen tot schoolverzuim omdat die school moet dienen tot kazerne van de soldaten die, als 't gecommandeerd wordt, hunne ouders dood moeten schieten.' Dat is nochal wat oars as sa'n soad trelit feroarsaakjende blokkade fan trije bussen mei demonstranten op wei nei Dokkum yn novimber 2017. It wie folle heftiger en dramatysker. Noch yn 1925 by de grutte staking yn de wurkferskaffings stienen de mi-



Kerst Huisman: Opstand in de turf (2011).

trailleurs yn Beets en Jobbegea op 'e dyk. En dy wienen mei echte kûgels laden.

Striid foar in better libben

Ik bin berne yn 1940, krekt oan de Terwispeler kante fan it Moedjip by De Tynje, en ik bin opgroeid op 'e *Ulesprong*. Dat wie by wize fan sprekken mei 'Dommela' lykas *Ferdinand Domela Nieuwenhuis* (1846-1919) yn dy streek neamd waard. Ik bin noch altiten grutsk, as ik wer de berjochten lês oer hoe't 'Dommela' yn 1888 as earste sosjalist yn de Keamer keazen waard. It wienen de kiezers yn it kiesdistrikt Skoatterlân, dy't dat dienen. Ek Opsterlân hearde ta dat kiesdistrikt. Doe kaam der foar de earste kear hope yn de herten fan arbeidersminsken op in better libben foar harsels en foar har bern. 'Myn' kiesdistrikt!

De hegerein wie poerrazend, lykas alles wat antysosjalist wie yn Nederlân, wêrûnder ek kening Willem III, troch syn tsjinstanners delset as 'Koning Gorilla'. De letterkundige J.H. ten Brink dichte: 'Ik heb u lief mijn Nederland, behalve één plekje, en dat is Schoterland.' Ik haw dat ris omkeard doe't ik fan âld-boargemaster Joost van Bodegom fan Opsterlân oan kollega-boargemasters en partijgenoaten fan him oeral út Nederlân wei in ferhaal fertelle mocht oer de gemeente Opsterlân. Ik sei doe: 'Ik heb u lief mijn Opsterland, behalve één landje en dat is Nederland.' Joost en syn kollega's koenen dat wol wurdearje ...

Yn 1960 wie der in útstalling oer Dommela op 'e Gordyk, nei Amsterdam, de iennichste twa plakken dêr't dy west hat. Mar der wie ek it ferhaal fan myn famylje. In betoerpake fan mines, Wopke Jans Dragstra, wie ien fan de grutte feanbazen op 'e Tynje. En in oerpake, Jan Kerstes Huisman, wie ûnderbaas en letter ek feanbaas. It wie lang in muoilik punt foar my, foaral nei it lêzen fan 'Stiefmoeder Aarde'.

It wie ek de reden, dat ik begûn oan it histoaryske ûndersyk nei de feanterijen dêre. It is ek foar mysels goed dat ik dat dien haw. Ik ûntduts nammentlik dat der ek nuansearrings oan dat feanbazeferhaal sieten. Der wienen feanbazen yn soarten: strieminne, minne en ek wol goede, mei meigefoel foar de arbeiders. Dat wie ek it gefal by betoerpake Wopke.

Hy wie – opmerklik – stiper (donateur) fan de *Provinciale Friesche Werkliedenvereniging*, de earste organisaasje fan arbeiders. Wopke syn twadde soan Jan Dragstra wie foarsitter fan de pleatslike ôfdieling *Terwispel Tynje* fan de sosjalistyske partij fan Domela. Letter sieten der sels kommunisten yn de famylje.

De mem fan ús heit Jan wie Kobe Koelstra. Hja wie in pakesizzer fan Wopke Dragstra en dus in omkesizzer fan sosjalist Jan Dragstra. Kobe wie troud mei Kerst Huisman, de âldste soan fan de al neamde Jan Kerstes Huisman. It sil jim dúdlik wêze, dat ik nei him neamd bin. Hy tocht net botte geunstich oer syn heit Jan Kerstes, neffens him in hurde baas, oars as de Dragstra's.

In tekenjend ferhaal dat er my ris fertelde, wie dat er ien kear jild liene moatten hie fan syn heit en dat er doe *mear rinte betelje* moast as by de bank. Ik haw doe tocht: wêr wie dat lienen yn fredesnamme foar? Ik haw it him net frege. Hie ik it mar dien, dan hie it *geheim* yn de famylje al folle earder oplost west. Hoe dan ek: de *feanbaas* en de *rebel* sitte beide yn myn genen. En ik haw sterk it idee dat de lêste, mooglik urven fan de Dragstra's, nochal wat mear yn my sit as de earste ...

Hendrik Beenen

It geheim moat noch efkes wachtsje. Earst moat ik jim noch wat fertelle oer *Hendrik Beenen*, in earme arbeidersjonge út de *Singsang* by Langsweagen. Hy gie net nei skoalle, omdat er al hiel jong oan it wurk moast. Hy koe útsûnderlik goed 'sprekke' en hie as appèlmaster de lieding fan feanstakings by De Tynje en yn Beets. Dy lêste wie yn 1896 en dy staking waard wûn tanksij de moed fan Hendrik. Hast legindarysk waard syn útspraak, doe't er each yn each stie mei de mei skerp bewapene soldaten en in boargemaster dy't him it befel joech om de staking op te jaan. Hendrik andere doe: 'Jimme kinne alles dwaan, hearen, jimme kinne ek op my sjitte as jimme mear rjocht op myn libben hawwe as iksels, mar ik sprek troch.'

De staking waard wûn. It blêd *De Klok* skreau: 'Aan den eenen kant de veenbazen met hun geld, gesteund door de gewapende macht en door een dominé als Van der Brugghen. Aan den andere kant de arbeiders, allen arm, de meesten met gezinnen waarin de honger rondwaarde, met een appèlmeester die lezen noch schrijven kan. Honderden arbeiders, met nauwelijks een droog stuk brood bij zich, uren en uren ver gelopen, om telkens met stukgelopen voeten thuis te komen met de treurige boodschap: Nog is het er niet door. Wie met het leven der arbeiders bekend is, weet welk eene ontmoediging zulk een boodschap in hunne gezinnen bracht. Geen eten in huis, hongerige kinderen, eene moeder die geen raad meer weet en dus – het is te begrijpen en te vergeven – in verwijtingen losbarst en aanspoort om toch maar aan het werk te gaan. Welke vechtmajoor met ridderkruizen behangen en met tal van sterren en strepen versierd, zou het honderdste gedeelte van den moed bezitten van iedere arme veenarbeider, die bij dit alles toch volhield? Wat verzinkt uw grootheid, verwaande grootmoordenaars van professie, in het niet bij dien van elken bleeken, slecht gekleeden arbeider, die bij deze staking betrokken was.'

Hendrik Beenen hat libbe oant 1955. Master *Tsjepke Nawijn* fan Beets learde him, 33 jier âld, noch lêzen en skriuwen. Nawijn hie him by de staking sprekken heard en sei tsjin ien fan de Beetster arbeiders: 'Wat kin dy man sprekke.' De Beetster sei: 'Ja, master, mar witte jo dat er lêze noch skriuwe kin?' Nawijn stapte op Beenen ta en sei: 'Ik wol jo lêzen en skriuwen leare.' 'Ja, mar ik moat aanst earst nei de boeren op de klaai.' 'Jout neat,' sei Nawijn, 'ik wurd aanst skoalmaster yn Langsweagen, dan kom ik yn 'e hjerst by jo.' En Nawijn hat Hendrik Beenen lêzen en skriuwen leard. Hy

Kerst Huisman: Friesland heeft zijn eigen verhaal (2007).

lies letter ek Ibsen en Tolstoj. Wol haperjend, wurdlid foar wurdlid, mar hy lies! Hendrik bleau noch jierrenlang in strider en wurdfierder yn de arbeidersbeweging. Letter hie er in lyts boerepleatske yn *Bontebok*. Dêr rekke er, sawat 80 jier âld, ûnder de Dútske besetting belutsen by de fersetsgroep fan de kommunist *Hendrik Marcus de Jong*, dy't in hiel grut tal minsken oan in feilich ûnderdûkplak holpen hat. Hendrik Beenen naam yn syn lyts pleatske in Joadske famylje op, dy't de oarloch oerlibbe. In bysûnder man, dêr´t ik noch altiten mei grut respekt oan tink.

Famyljegeheim

It famyljegeheim waard my yn 1996 iepenbiere troch myn jongere suster Coby, dy't yn 1981 emigrearre wie nei Nij-Seelân, en doe werom wie. Wy sieten sa op in jûn wat gesellich by elkoar, doe't se tsjin my sei: 'Witsto dat ús heit noch in bern hie?' Ik wist net better of wy wienen mei ús fjouweren: trije jonges en ien fanke. Se moast de fraach noch in kear stelle en it útlizze foar't ik it begriep.

Se hie it ferhaal heard fan ús mem, doe't dy in kear by har yn Nij Seelân op besite wie. Mem hie it ferhaal fuortdaliks nei it ferstjerren fan ús heit Jan, ein 1970, al ferteld oan myn jongste broer. Myn oare broer kaam it letter troch him te witten. Mar ik bleau ûnwittend. Coby frege my oft ik dy *healbroer* of *healsuster* fan ús opspoare woe, want se woe dêr wol graach

kontakt mei hawwe. Ik sei sûnder euvelmoed: 'OK'. Dus ik begûn mei myn speurtocht by leeftiidsgenoaten fan ús heit op 'e Tynje. Ien fertelde my dat it fanke, dêr't it om gie, út *Jobbegea* kaam.

Ik woe mem dêr net fuortdaliks mei oankomme. Mar krekt foar har dea, yn begjin 1998, haw ik har dêr dochs nei frege. Se wist allinnich dat it om in fanke yn it *Jonkerslân* gie. Ik frege har ek wêrom't se my dêr nea wat oer ferteld hie. Har reaksje wie: 'Ik tocht datsto dat al lang wist.' Ik haw dêrop allinnich sizze kinnen: 'Mar hoe hie ik dat witte moatten.' Dêr hie se gjin antwurd op.

Ik fûn al rillegau út dat dat bern út de relaasje fan ús heit mei dat ûnbekende fanke wol in jier of 7, 8 âlder as my wêze moast. Berne yn 1933 of 1932 en doe ôfstien. En pake Kerst hie dêr jild foar betelle. Doe foel der in earste stik fan de puzzel op syn plak. It wie foar my al dy jierren in riedsel wêrom't ús heit tusken 1933 en 1940 jierren by boeren yn Noard-Hollân arbeider west hie.

Mear rinte as by de bank ...

En dan: *mear rinte as by de bank*? Dat wie it. Pake Kerst hie fan syn heit, de feanbaas Jan Kerstes, jild liene moatten foar it beteljen fan de baakster en de famylje. Dan moast it ek wol om in grut bedrach gean. Dêr soe ik letter ek efter komme: it wie 150 gûne en dat wie yn de krisistiid in soad jild. Pake sels hie dat net. En syn soan, myn heit, moast doe sa fier mooglik wei by dat fanke, dat doe noch mar 15 jier âld wie.

It hat jierren duorre foar't ik in echt spoar fûn. It wie ek by tiden nochal nuodlik. Men kin minsken ommers yn grutte ferlegenheid bringe. Mar by dy jierrenlange syktocht kamen ek hiele oare dingen nei boppen. Yn mysels, almeast holpen troch minsken dy't my dingen fertelden út myn jongste jierren. En dat sette myn hiele emosjonele libben op 'e kop.

Ik fûn út dat myn mem dêr lang en heftich rûzje mei ús heit oer makke hie. En it wienen dy hieltiten weromkommende rûzjes en dat skellen fan ús mem op 'dy frou', dy't ik as ûnnoazel en foaral machteleas jonkje fan 3 jier oanhearre moast. Ik sleat my derfoar ôf, luts my yn mysels werom. Ik woe it net hearre. Ik treau it wei. Doe hat him yn my wat fêstset fan: mei froulju is blykber wat raars oan de hân, dat net doocht ...

Sa bin ik myn bewuste libben ynstapt, mei alle gefolgen dy't dat goed tsien jier letter en in flink part fan myn libben dêrnei hie. Fan neat wittend, sûnder dat ik it trochhie wêrom, in krampeftige hâlding, dy't hiele ferfelende effekten krige doe't ik de âldens berikte dat ik ûntduts dat froulju moai en ferliedlik wêze koenen.

Mar it spile fan myn 56ste ôf, nei 1996, wer hiel heftich op. Ik rekke der folslein yn fêst. Alles wat dat part fan myn libben oanbelange hie, kaam op losse skroeven te stean. Ik haw my nea sa ûngelokkich field as tusken myn sechstjinde en myn sânentweintichste, doe't ik troude. En dat kaam werom. Ik bin dêr úteinlik wol oerhinne kommen: ik haw in frou, twa dochters en trije froulike pakesizzers.

Yn stille oeren altiten wer pleage te wurden troch fragen. As ik it witten hie, hie it hiel oars gean kinnen yn myn libben, ek yn myn wurk bygelyks. It slimste wie ek: ik koe der neat mear oan feroarje, wat noch wol kinnen hie doe't ik sechstjin, santsjin jier wie, de tiid dat jins folwoeksen persoanlikheid en emoasjes fêstlein wurde. En op 'en nij fielde ik my by dy syktocht bytiden wer like iensum en ferlitten as doe't ik 20 wie.

Der kaam ek by dat guon neven en nichten fan myn jierren it wol wisten. Dat dy al dy jierren nea ris tochten: soe hý dat eins wol witte, en sa net, heart er dat dan net te witten? Ik krige dêrtroch sels gefoelens fan ûnferskillige distânsje foar myn eigen famylje oer. Net sasear tsjin myn twa bruorren – hja wienen ek slachtoffer – mar tsjin de âldere neven en nichten dy't it ek wisten. Lykas dy iene dy't wat út de hichte sei dêr net ferantwurdlik foar te wêzen. Doe tocht ik: 'Mar wêr hawwe jo eins famylje foar? Dan bisto dus gjin famylje mear. Ik haw mar ien famylje: dat binne myn frou en myn trije prachtige bern, mei harren partners en ek wer seis prachtige pakesizzerkes. Foar de rest is it allegearre fuort.'

Nei dizze wiidweidige selfy earst wer efkes werom nei it ferhaal en dan it beslút. It slagge my úteinlik om myn âldere healsuster op te spoaren. Ik haw elts dy't it oanbelange, oer de mail en mei brieven de nammen fan relevante persoanen en adressen trochjûn. Ik bin nét nei myn healsuster ta gien. It ynteressearre my net. Coby moast har der no sels mar mei rêde. Mar ferrassend wie de ûntknoping. It fanke út it Jonkerslân, *Katarina Beenen* hjitte se, wie streekrjocht famylje fan Hendrik Beenen. Har mem, in widdo, hie sels mei har bern in skoftlang by Hendrik yn 'e hûs wenne.

En doe seach ik yn myn ferbylding twa mannen dy't yn in dramatyske sitewaasje tsjininoar oer stien hienen.

Kerst Huisman e.o.: Top of Holland? (1995); de needsaak ta selsbestjoer foar de Friezen is hjoed-de-dei noch like aktueel ...

Dat wie op woansdei 23 april 1890 op 'e *Ulesprong*. Myn oerpake Jan Kerstes Huisman, doe ûnderbaas by de feanbaas Kobus Faber, wie yn striid mei de eask fan de stakers begûn mei it laden fan turf. Doe kaam der in kloft baggelders en turfmakkers oansetten, mei appèlmaster Hendrik Beenen foarop. Se fûnen dat Huisman ophâlde moast mei turfladen. Hy die it nei wat tsjinakseljen ek, mar hy fûn it wol sa'n oantaasting dat er it ferklapte oan de boargemaster fan Opsterlân, dy't it dan ek trou yn syn ferslach opnommen hat en sa wit ik it. Leau mar dat dy Huisman it as in persoanlik affront opfette hat en dat de namme fan Hendrik Beenen fan dy dei ôf yn syn ûnthâld brând stie. Dat waard noch fuortsterke doe't er seis jier letter, by de staking fan 1896, it op 'en nij as ûnderbaas fan Faber mei Hendrik Beenen te stellen krige.

Doe't er, mear as fjirtich jier letter ynienen konfrontearre waard mei it nijs dat de âldste en nei him neamde pakesizzer, ús heit Jan, in bern oanset hie by krekt in fanke sa tichteby Hendrik Beenen, moat soks in grouwéligen skok foar him west hawwe. En doe't syn soan Kerst by him kaam om in liening fan 150 gûne hat er toskeknarsend dat jild foarsketten, mar wol mei it foarnimmen dat jild mei in *rinte, heger as by de bank*, fan syn eigen âldste soan werom te krijen ...

* *Drs. Kerst Huisman (1940) is histoarikus en publisist. Hy learde ta ûnderwizer en wurke as sjoernalist by de* Friese Koerier *(1966-1969) en nei de fúzje by de* Leeuwarder Courant *(1969-2002). Hy publisearre gâns boeken en artikels oer de Fryske skiednis en wurke mei oan* De kanon fan de skiednis fan Fryslân *[2008]. Huisman helle middelbere akten foar skiednis en sleat dy ôf mei in doktoraalstúdzje. Hy is ek aktyf op* Facebook*: Wysels Frysk selsbestjoer.*

Wurk: It libben fan Gerrit Roorda *(1973);* Opstand in de turf. Het harde leven in een turfmakersgebied *(1981, 2011[3]);* Inkelde boustiennen foar in Fryske utopy (1987); It hoecht allegearre sa net *(rede op it Reaklif, 24 sept. 1988);* Wêrom in steat Fryslân? *(taspraak FNP-gearkomste Boarnsterhim, 14-09-1889; útjefte fan de FRA [= FRyske Aksje]);* Een staat Friesland met Groningen als hoofdstad *(diskusjebydrage, yn okt. 1988 wegere troch it* Nieuwsblad van het Noorden*);* Sa lang as de wyn fan de wolken waait en de wrâld stiet, foar in Fryske takomst *(mei Jan van der Baan, Doede Damsma, Sikke Doting en Auke Kleefstra; noata stúdzjegroep Foarum, s.j. [1994?]);* Top of Holland? *in takomstfisy/een toekomstvisie (Wurkgroep Foarum, mei Jan van der Baan, Doede Damsma, Sikke Doting en Auke Kleefstra, maart 1995);* A pilgrimage through time/In pylgerreis troch de tiid. *More than two thousand years of Fryslân/Mear as twatûzen jier Fryslân (2000);* Tusken Fryske dream en Nederlânske macht. *Fjirtich jier Fryske Nasjonale Partij (yn oparbeidzjen mei Tony Feitsma, 2003);* De Friese geschiedenis in meer dan 100 verhalen *(2003);* Bonifatius: doe en no *(rede Reaklif, Warns, 25 sept. 2004);* De twintigste eeuw in meer dan 100 verhalen *(red., s.j [2005]);* Mysteries in Friesland. Waargebeurde misdaden en onverklaarbare gebeurtenissen *(2006, 2007);* Friesland heeft zijn eigen verhaal. Pleidooi voor een niet-Randstedelijke geschiedeniscanon *(2007);* Koarte skiednis fan Fryslân *(Afûk, 2007);* Fryslân Scheurkalender 2008 *(m.m.f. Tresoar);* Gevierde Friezen in Amerika *(red., mei Pieter de Haan, 2009);* Terpen in Friesland – een inleiding *(2014).*

Útnûging foar de Algemiene Ledegearkomste fan de Jongfryske Mienskip

op woansdei 15 maaie 2019 om ***19:00 oere***
De Koningshof, Prinsewei/Prinsenweg 1, 8443DN op It Hearrenfean.

It sil in bysûndere jûn wurde! Kommissaris fan de Kening Arno Brok sil jim meinimme yn in wûnderlik barren.

*Kollum fan Jaap Slager (6)**

MelRose

Mar hoe komme jim dan yn 'e goedichheid oan fleis?

Ik haw krekt myn tintsje opset op in kampearterrein yn Yellowstone en bin yn 'e kunde kommen mei Mel, út Michigan – sûnder mis it earste dat se jin fertelle: wêr't se weikomme. Mel is in stikhinne tachtich en krekt tsien jier troud ...

– ... dat men soe sizze kinne, wy binne in jong stel!

Hy skatteret it út. Dat sil er tenei fakenfolle dwaan. Earst hat er in foech oere foar in ûnbidich grutte wein nei my sitten te sjen, in glimke om 'e mûle, wylst ik-seide-gek mei myn tintsje ompielde. As iksels sitten gien bin om wat yn it ferset te kommen, skoot er mei in bêste bats bier yn blik by my yn ien fan dy banktafels dy't oeral fersille steane oer Amerikaanske kampearterreinen.

– Mel, seit er.

– Jaap, jou ik werom.

Wy fûstkje. Mar nei it útwikseljen fan de plakken fan komôf wol er my oan 'e earm fiele ...

– Wat sille wy no krije, skrilje ik tebek.

Op 'en nij is er slop fan laitsjen. Ik begryp it ferkeard, seit er. Hy hie niis mei niget nei my sitten te sjen, om't ik lichaamlik en motoarysk in grizzlybear net wanlyk bin.

– As wy earen in grizzly skeaten en hy wie strûpt en slachte, wie it krekt as hong der in mâl earmsterke keardel oan 'e hoannebalken as it jûne ...

– Arnold Schwarzenegger, sis ik út 'e gek.

Sa grappich is dat net. Mar Mel is slop fan laitsjen en huft my op it skouder. Dat is nammers dochs it nuvere fan Mel – hy is slop op stuiten dat ik it net ferwachtsje, mar hoenear't ik in grapke meitsje, liket er it net neikomme te kinnen.

Dan skelt er ynienen it regear de pochel fol – it regear dat de jacht op bearen ferbean hat. Mei it jammerdearlike byld fan it earme dier oan 'e hoannebalken noch farsk op it netflues, kin myn konsjinsje it wol lykfine mei dy maatregel.

Mar Mel syn kribbekeurigens wol net hingjen bliuwe. Fleurich fertelt er my oer it lapke ûnlân dêr't er by winterdei, as der in jacht snie leit, hinnegiet om de harten by te fuorjen. It is gâns út 'e reek, mar dat hat er der wol foar oer, seit er. Syn jierren yndachtich moat ik de bûsdoek der no suver by hawwe.

– ... dan kin ik har sjítte, sjuch, as se yn it jachtseizoen weromkomme om te sjen oft der noch wat te fretten falt!

Ik kin my net mear bedimje en fal mei de hiele wâl tsjin him út ...

– Mar hoe komme jim dan yn 'e goedichheid oan fleis, freget er alhiel út it stel.

– Yn it foarste plak sjitte wy gjin harten ...

– *No deer?*

– *No, dear*, grapkje ik. Mar dat ûntkomt Mel wer.

– ... en twad helje wy ús ris en dis by de winkelman.

It wol Mel net oan – sa'n jildfergriemerij!

Wy jitte ús in japs bier yn 'e hals en swije – de kulturele kleau gappet ...

Dan skoot syn sydsulver foar ús oer yn 'e banktafel. Se spielt har de mûle oer har man, dy't erflik oarmans gastfrijens misbrûkt. Lykas wol se omspegelje dat hjasels út gâns oar hout snien is, hjit se my om har in glêsfol *Gentleman Jack* te jaan, in belegere Tennessee whiskey, dy't, seit se, sa leidich nei har blierket fan efterút myn tintsje wei.

Sa grutsk as in bok sjucht Mel my fansiden oan: Is 't

Jaap Slager: wetterboarne ...

net in stomp, ju, dat wiif fan my?

– Dat is no myn Rose, stelt er har foar.

– En jim wenje yn ***MelRose Place*** tink, hingje ik de biis út.

Ja hear, hy kin it wer net neikomme. Rose hat it net iens heard, sa lodderich sjucht hja nei myn flesse. No, fuort dan mar ...!

– Ik mei dan wol in goedgeunstich baaske lykje ..., ferfettet Mel nei't ik syn Rose ynskonken haw.

My tinkt, dat falt wol wat ta, net? Wilens sjuch ik mei ôfgriis, hoe't Rose har in twadde glêsfol út myn flesse yn 'e hals mikt – as wie it kâld wetter.

– ... mar yn myn jonge jierren wie ik om 'e wet net mijen!

Ik bear, ik besau my.

– Jawis, laket er om myn ferheardens, ik wie in dogeneat!

Rose skinkt harsels nochris yn – moai stjalperich fansels.

– Ús Daniel en ik hiene ris in bear sketten. Doe't wy dêrmei thúskamen, wie it neare nacht. Dat de âldelju leine al op bêd. Allinne de lampe by de foardoar baarnde noch. Om ús, sjuch ...

– Jonge, ûnderbrekt er himsels, wat ha wy wol in fiten út 'e wei set, ús Daniel en ik.

Hy fergriemt him omtrint.

– Ik sil dy dingen altyd by my hâlde, suchtet er nostalgysk.

– Hawar, skuort er de kop der wer by, wy prakkesearren ús proai mei de poaten tsjin 'e foardoar. Do kinst my leauwe of net, mar plat op 't gat wie dy grizzly noch goed twa meter heech.

Ik bear – sa'n bear!

– Doe roffelen wy op 'e doar en nagelen út, sa hurd oft wy koene. Hiest ús heit sjen moatten, doe't er de doar opskuorde ... hihihi ... en dy deade grizzly foel him om 'e hals ... hahaha ... sa'n kossel gesicht!

– Sjuch, in bear, seit Rose mei in slach yn 'e tonge.

Ik leau, it mins hat in moai pandoer yn. Likewol sjuch ik oer it skouder ...

Dêr pesjantelet, fergemy, in swarte bear mei trije jongen yn syn sok op noch gjin fiif meter by ús tafel lâns!!!

Mei ien grutte sprong bin ik oarekant banktafel.

– No ju, gibelet Rose, koest wol nea in bear sjoen hawwe!?

** Jaap Slager (1958) is berne yn Fryslân, hat in treflike behearsking fan gâns talen en wennet al jierren yn Portugal. Dizze kollum is skreaun op 28 jannewaris 2019.*



Boppe lofts: Goaitzen Bosma mei syn sydsulver.
Boppe rjochts: In part fan de grêfstien fan kommandeur Reyner van der Elburg.
Midden lofts: Foarside boek oer Mariënboarch.
Midden rjochts: Tsjerkhôf fan Nes.
Ûnder lofts: Kerst Huisman freget 'frijspraak' foar Jenny Douwes.
Ûnder rjochts: Foarside fan it boek *Opstand in de turf*.